[0266] TA IT FORSTEAN FAN DE ÂLDFRYSKE OARKONDEN

17. *Siurd gleeswr* (eeta) en *Syurd Eeles* (wrechta)

Yn O I 153 wurde de stikken lân opjown, dy't in fierders net bikende Sibit hat. Njonken de greatte van de stikken wurde wy ek de neistlizzers gewaer, as kadastrale oantsjutting fan dy tiid sa to sizzen.

Yn O I 154 wurde fan 8 fan de 11 stikken út O I 153 by it oerflak ek de mjitten (lingte en breedte) oanjown en inkeldris wurdt dêr nochris in neistlizzer neamd: dy't yn O I 154 foarkomme, steane ek allegearre yn O I 153: rigel 2 en 3 *Tyerd Sierdsma* en *Tierd Sierdsma* tsjin O I 154 rigel 1 en 3 *Tyard Syerdsma* en *Tyaerd.* Yn O I 153.4 *Renka Reemka waynman* tsjin O I 154.5 *Renka waeynman,* O I 153.5 *Siurd gleeswr eeta* en O I 153.6 *Siurd* tsjin O I 154.9 *Syurd Eeles wrechta,* O I 153.6 *Rick* tsjin O I 154.9 *Rick* en O I 153.9 *Sitya Scheltama dam* tsjin O I 154.15 *Scheltama dam.*

Yn dy dûbeltallen nammen wie ien ús net dúdlik, ja hwat frjemd: *Siurd gleeswr* neffens O I 153.5 en *Syurd Eeles* neffens O I 154.9 sa't se ek yn it nammeregister steane. Wiene dat twa forskillende persoanen of moat it dochs deselde wêze? Dat is net dalik to sizzen, hwant yn O I 153.6 is *Siurd gleeswr* nêstlizzer oan 'e noardkant fan 8 einsen lân fan Sibit en yu O I 154.9 is *Siurd Eeles* nêstlizzer by 2 pounsmiet oan 'e eastkant fan Sibit sines. It stik fan 3 pounsmiet in O I 153 dêr't Rick (rigel 6) nêstlizzer is oan 'e westkant en *Siurd* oan 'e noardkant fine wy (de mjitten fan) net neamd yn O I 154. Oer de wei fan forliking fan de stikken lân mei de nêstlizzers komme wy der dus net.

Sette wy de twivelige *Siurd gleeswr eeta* en *Syurd Eeles wrechta* boppe inoar om ris to sjen hwat se mienskipliks habbe, dan krije wy dit:

Siurd *glee*swre*e* ta Siurd *glee*s *w*re*e* ta

oaninoar en mei oare spaesje:

Syurd *Eel*e swre*ch*ta Syurd *Eel*es wre*ch*ta

De letterpearen dy't net meiinoar strike, ha wy hjirboppe skean printe. It binne *g* tsjin *Ee, ee* tsjin *e* en *e* tsjin *ch.* Nou is *ee* tsjin *e* neat bisûnders, koarte lûden koene rutsen wurde en sa mei in dûbel teken oanjown, mar ek wie ien teken foar in lang lûd wol de doe al hwat âldfrinzige skriuwwize foar de lettere skriuwwenst mei dûbel teken. Mar *g* tsjin *Ee* en *e* tsjin *ch* is frjemd en sûnder mear net to forklearjen. Forwikselje wy nou de stridige eleminten, dan krije wy de syntetyske produkten *gle(e)s-wrechta* en *Eeles-wreeta.* De measte lêzers, as hja kieze moasten tusken *Syurd Eeles-wreeta* en *Siurd gle(e)s-wrechta,* sille foar 't neist wol de lêste mûglikheit foar kar nimme en guon fan harren sil nou ek in ljochtsje opgean : Siurd wie in “glêswurker", in glêsmakker, in glesker. Dêrom moat *gleeswr eeta* yn O I 153.5 emendearre wurde ta *gleeswrecta* en moat *Eeles wrechta* yn O I 154.9 wurde ta *gleswrechta,* beide as gearstalling fan *gl(e)es* = glês en *wrec(h)ta* = arbeider.

Noch altyt ha wy de stikken sels net bisjoen. As men it hânskrift fan O I 153.5 der by nimt, dan soe men yndied mei Sipma swarre dat der *siurd gleeswr eeta* stiet: tusken de *r* en de folgjende *e* stiet in spaesje, hast like great as tusken twa wurden en dy't noch greater liket, nou't de lêste letter foar dy spaesje in *r* is mei ûnder it platte flachje nochal hwat wyt; by in *n* b.g. soe dy spaesje sa great net lykje. Fierders binne *e* en *c* yn dat hânskrift min útinoar to hâlden, der is hast gjin ûnderskie tusken dy beide(n) en by it lêzen moat men gauris de letters der om hinne útmeitsje litte, hwat it wêze moat. By it lêzen moat en mei men hjir dêrom “hineininterpretieren" ta *wrecta* ynsté fan *wreeta,* dat hânskriftlik like folle eigenskip hat. Ek hjir kin men wer út sjen, dat men somtiden op oare wize al witte moat, hwat der sahwat stean moat om oan in goede lêzing to kommen.

It hânskrift fan it oare stik (O I 154.9) jowt foar *Syurd Eeles wrechta* ek wol in forklearring. Om to bigjinnen stiet *wrechta* op in nije rigel en stiet “*eeles"* (better: *gles*) noch krekt op de foarige. De *g* fan *gles* stiet mei de ûnderein yn de boppeëin fan in *d* (fan *dae)* dêrûnder, dat men kin de oerbleaune boppeëin fan de *g* min ofte mear foar *ee* oansjen en *gles* as *eeles* lêze, hwat yn it systeem fan Sipma (nammen mei haedletters printsje) *Syurd Eeles* opsmiet.

Wy ha by it twadde lid fan de gearstalling *gles-wrechta* mei in âlde formaesje by *werka, wirka* mei letterkear to krijen: ahd. *wurhto,* mhd. *würhte, worhte,* âs. *wurhtio,* mnd. *werchte*, *worchte*, mnl. *wrechte, wrochte,* âing. *wyrhta, wryhta,* ning. *wright* en âldfrysk *wrechta, wrichta.* Dy *wrechta, wrichta* en fangefolgen ek de *gleswrechta* wie yn it âldfrysk yn it neigean en komt (apart en yn gearstalling) mar in pear kear mear foar. Wy geane de gefallen effen nei:

1. De Jurisprudentia Frisica 1) titel XXXVII. 8 seit:

   „als een menscha wonnen haet een *wrichte* [2]), ende dat waer foerkeert off reynth, alzo dat hy syn wirck naet dwaen moge, ende dyn dey off tyd naet ut wirtze moge, soe aegh hy syn laen al lyck fol ney der tyd",

oerset: „as immen in *arbeider* [2]) woun hat en it waer slacht om of it bigjint

1) Jonkh. Mr. Montanus Hettema, Jurisprudentia Frisica of Friesche Regtkennis, Leeuwarden 1834 (I) en 1835 (II). Yn diel II is it side 22.

2) Montanus Hettema set yn 1834 *wrichte* oer mei `werk', yn 1874 (Idioticon Frisicum, Friesch-Latijnsch-Nederlandsch woordenboek) is it by Montanus de Haan Hettema kol. 195 `werkman', kol. 584 `werkman, arbeider'.

to reinen, sadat er syn kerwei net folbringe kin en de dei of dy tiid net úttsjinje kin, dan hat er lykwols rjocht op syn lean neffens de hiele tiid",

mei oare wurden: de opdrachtjower (wurkjower) moat it noedzje dat syn arbeider (wurknimmer) net oan 'e slach komme kin fanwegen it waer. Wy ha hjir dus in regeling foar it waerforlet.

2.Yn O II 202.48 (1504) hjit it:

„dy *wan wrechte* syn dijcken weer to metthien",

oerset: ”dejinge, dy't *wanwurk,* d.w.s. dy't heal of forkeard of alhiel gjin wurk makke hat fan syn diken, moat it (oer)dwaen".

3. It gefal fan O I 153.5 en O I 154.9 (beide ± 1458) mei Siurd *gle(e)swrec(h)ta.* Sjoch boppe.

4. O III 39 W 547 (út 1553), it tsjerkerekkenboek fan Boazum, neamt (dus hast 100 jier letter as de *gle(e)swrec(h)ta* út O I 153 en 154)*,”de gleswrichte"* as er 31/2 stûr mei de greate klok diele [1]) moat, sa to sizzen. Opmerklik is dat it rekkenboek 11 x glêsmakkers neamt: twa persoanen Albert en Jurjen glêsmakker wurde geregeldwei neamd mei as skriuwwizen: *glesmaeker, glesmaker, glesmacker, glesmecker, glasmaker, glasmacker en glaesmacker,* dêr't net-fryske ynfloeden dúdlik by oan to wizen binne. Nou 't de *gleswrichte* net by namme neamd wurdt, kin min útmakke wurde oft *gleswrichte* en *glesmakker* of *glesmekker* yn Boazum yn 1553 itselde wie of dat de *gleswrichte* bg. ienfâldiger of allinne mar reparaesjewurk levere.

5. It saneamde Ljouwerter plysjeregister O III 32 (1502-1504) kent de *gleswrichta* net, mar wol in Johan *glesmaker* (rigel 285) en in Ariaen *glesmaker* (rigel 313). Opmerklik yn dit stik is, dat njonken dy beide glêsmakkers ek in Dirck *glesker* (rigel 141) en in Syouka *glesker* (rigel 141, 159 en 245) foarkomme. Oan 'e iene kant dus twa *glesmakers* en oan 'e oare kant twa *gleskes* mei net deselde nammen, ek reden om jin ôf to freegjen oft hjir yn Ljouwert yn ± 1503 ek forskil yn biropswurksumens wie tusken de *glesmaker* en de *glesker* en ek hwat de forhâlding west hat ta de *gleswrichta.*

Wy founen by Ljouwert op in oar plak de *gleswrechta* noch al: yn in frysk stik, Gemeente-archyf Ljouwert 139[c], dat fan nei 1512 wêze moat en dat yn forbân stiet mei it Register fan Oanbring en de floreenbilêsting. Wy lêze dêr:

„Ona ende teed brucht iij f. vj st. jeesthuus leen landhere
beet ij f. xiiij st. syuck *glesurechte* landhere"

Oene en Teed brûke dus lân, dêr't it gasthús foar 3 florenen en 6 stûren en fierder *Siuk glêsmakker* foar 2 florenen en 14 stûren lânhearre fan binne. Dat stik giet oer Kammingabûr, dus deun tsjin de stêd oan. Hwer't dy *Siuk* wenne, ha wy net útmeitsje kinnen, binammen net oft it in glêsmakker fan it lân wie (lykas yn 1491 yn Wâldsein, sjoch hjirûnder) of dat er út 'e stêd kaem.

Sjogge wy noch effen nei *glesker* hjirboppe, wy ha dy oantsjutting oars net fine kinnen as yn it Register fan Oanbring (yn Dokkum) I 174.12: ‚Sijbren *glaeskers* [2]) huijs". It Register fan Oanbring fan Ljouwert hat 4 *glaesmakers*:

1) Der stiet: Item utjown 3[1]/2 st. de gleswrichte ende for de greatclocke

2) *glaesker* hat hwat in net-frysk útsjoch en kin mûglik in eastlike ûntliening wêze. De mnl. en nijnl. wurdboeken hawwe it wurd net. It WNT dl. V, kol. 52 hat wol *glazer* as glêsmakker, mar dat is in ôflieding fan *glazen* yn de bitsjutting fan glêsmeitsje. It âldfryske *glesker*

Arijs, Dirck, Gosso en Herman. Dêrfan sil *Dirck glaesmaker* yn Oanbring I 16.34 wol deselde wêze as *Dirck glesker* út O III 32.141. Dêr ha wy dan tominsten in likenzens tusken *glesmaker* en *glesker*!

6. Yn de Snitser Recesboeken [1]) komme tusken 1490 en 1517 altyt in stik of sawn *glêsmakkers* foar (meiinoar 53 fynplakken, hwerfan 49 kear *glaesmaker,* net-fryske ynfloed dúdlik, 2 x *glesmaker* en 2 x *glesmaeker*), allegearre sûnder plakoantsjutting en der kin fan oannommen wurde, dat it allegearre Snitsers wiene. Mar ien kear (nû. 919 út 1491) komt in „Jella Marten zin *gleswrichter* toe Waldseind" foar. Wy ha dus yn 'e stêd *glêsmakkers* en op it lân in *gleswrichter.* Dat dy *gleswrichter* in feint fan in glês*makker* yn 'e stêd west hat, is útsletten, pendelje wie der noch net by. Jelle sil in plattelâns rútsjesettersetter west ha, wylst dy yn de stêd datselde ek wol dienen, mar faeks ek mei hwat lúkser wurk der by en sa ek mei hwat lúkser namme: net mear *-wrichta of -wrichter* (sa't dy efterbleaune rútsjesetter op it lân noch oantsjut waerd), mar *-makker.* Formaesje fan biropsnammen op *-maker* is dan de itige nijfoarming. Sjoch bg. de biroppen yn Snits tusken 1490 en 1517: *besummaker, bōchmaker, budel-maker, fitermaker, glā*s-, *glesmaker*, *gortmaker, grāfmaker, hōdmaker, hōrnmaker, kalkmaker, kannemaker, ketelmaker, kist(e)maker, korf-, kōrmaker, mesmaker, orgelmaker, pantoffelmaker, pungmaker, skōmaker, skut(e)maker, slō(d)smaker, slōt(e)maker, stilgungmaker, strētmaker*, *tēmsmaker, tripmaker* en *wēlmaker.*

Wy ha hjir by *-wrichter* to dwaen mei deselde stam as by *-wrichta,* allinne mei in oar (en folle produktiver) efterheaksel *-er.* En hjir freegje wy ús dus wer ôf: wie der forskil tusken in *gleswrichter* en in *glesmaker*? As wy oannimme dat de gles*maker* de gles*wrechta* forkrongen hat, mei't *maker* foar (forâlderjend) *wrechta* yn it plak kaem, dan jowt *wrichter* it tuskenstadium oan: noch wol de stam *wrecht-* mar al mei it modernere efterheaksel *-er* dat hjir brûkt wêze kin ûnder ynfloed fan itselde *-er* fan de *glesmaker* dy't yn dy tiid al sa húsriem wie. Oare foarbylden fan forfangend *-er(e)* njonken *-a* by inselde stam binne nammers tige seldsum yn it âldfrysk: ik ha allinne fine kinnen *forspreker* njonken *forspreka,* beide yn de bitsjutting fan prosesfortsjintwurdiger, prokureur.

Sjogge wy nei de oanswettende talen, dan docht it neikommende bliken. Oeral, hjir earder en dêr letter, rekket it wurd *wrechta* yn it neigean: mhd. *würhte, worhte* is yn it lettere mhd. en it âldere nijheechdútsk noch húsriem,

sil earder in denominatyf by *gles* wêze, lykas âldfrysk *flasker* by *flask* (mei *-er*), âldfrysk *sisker* by *sis* (= accyns), earder as by tsiis, mar nijfrysk *tsysker* (tsiiskeapman) wol by tsiis. De foarming fan nomina agentis op *-ker* ynsté fan op *-er* moat yn it frysk om 1500 hinne al aerdich húsriem west ha. In opmerklike forskining is *cryghsker* yn it saneamde Ljouwerter polysjeregister O III 32. rigel 39. Hwat in *cryghsker* wie haw ik gjin wissichheit oer krije kinnen. *Simen casteleyn* (Sipma loste op *casten,* mar dat sil earder *casteleyn* wêze moatte, sj. US WURK jg. 11, side 57-59) en *tzalingh cryghsker* ha beide in pleitsaek mei *buwa tyrama* to Burdaerd, dy't him net wer yn 'e stêd sjen lit. De *casteleyn* yn Ljouwert wie kommandant fan it blokhûs, bifelhabber fan de militaire bisetting en dêrom soe *tzalingh cryghsker* mûglik ek yn 'e militaire sfeer thúshearre kinne. Dêr soe dan in efterheaksel *-sker* by foarkomme of ek *-ker* mei in oergongs-*s*. Dy't my in oar plak of in oare forklearring fan *cryghsker* neame kin, soe ik tankber wêze.

1) Assen 1960.

mar rekket yn de 18e ieu yn ûnbrûk, ek dialektysk is it sahwat weiwurden [1]).

It mnl. hat *wrechte, wrochte* as arbeider allinne yn gearstallingen : *dachwrochte,* justjes mear yn oansjen as in lyt [2]). *Dijckwrechte,* dykarbeider, polderjonge [3]). It mnl. hat - krekt as it âldfrysk - ek de njonkenfoarm *-wrechter* yn *dachwrechter* [4]), „Hier so merc, dat een *dachwrechter* snoder is dan een lathe ende men gift doch den *dachwrechter* meer weergheldes dan den lathen" (Sassensp. II 174).

It mnd. hat krektsa *dachwerchte, dachworchte* as "Tagelohner; unfreier, eigener Tagwerker" [5]).

It âldingelske *wyrhta, wryhta* hat prinsepeal net allinne it leechlizzende. Dy wie njonken arbeider, makker ek kunstner, skepper, letter sels ek skepper yn godlike sin en *-wright* krige yn gearstallingen boppedat produktive tapassing: *eyewright, glassenwright, millwright, tilewright, cartwright, house-, plough-, ship-, timber-, wagon-, wain-, wheelwright,* to forlykjen mei ús -makker: glêsmakker, molemakker, skûtmakker, weinmakker, wielmakker ensfh. Mar ek yn it ingelsk kwynt en fordwynt *wright* letter: fan 1470 ôf allinne noch noardlik en letter forâldere [6]) en noch oer yn skaeinammen dy't út biropsnammen fuortkommen binne.

Mnl. *glasemaker* wie glêsblazer, glêsmakker en ek in ambachtsman, dy't ruten sette: vitriator, vitrifex [7]). De *glasewerker* wie ek spegelmakker en glêsskilder [8]), de mnd. *glasewerchte* in glêsmakker [9]).

Gearfetsjend kinne wy foar it âldfrysk sizze, dat wy foar it birop fan glêsmakker 4 oantsjuttingen ha: *gleswrechta, gleswrichter, glesmaker, -meker* en *glesker.* It is om 1500 hinne in birop, dat binammen yn de stêdden útoefene waerd, al hat it op it lân net ûntbrutsen (Wâldsein en mûglik Boazum). Lân- en húsbisit kaem by allegearre foar, ek by de *gleswrechta.* De *gleswrechta* en de *gleswrichter* kinne om 1500 hinne minder yn oansjen west ha as de *glesmaker* yn in forhâlding fan bg. *skolapper* ta *skomaker* en it is mûglik dat yn oarsprong *gleswrechta* en *gleswrichter* itselde wie as *glesmaker* en dat de *glesmaker* de *gleswrechta* en *-wrichter* forkrongen hat, mei't it fak yn 'e stêd mear oansjen hie. In ûntjowing as fan *skroder, skror* [10]) oer *snider* ta *coupeur* is dêrby to forlykjen, al binne de wurksumheden net foroare dat makket. Wol aerdich wis is fierder, dat *glesmaker* en *glesker* itselde wie en dat *glesker* [11]) in noch

1) Grimm, Deutsches Wörterbuch XIV, 2 kol. 527 by *Wirker.*
2) E. Verwijs, J. Verdam en F.A. Stoet, Middelnederlandsch Woordenboek IX, kol. 2853.
3) Mnl. Wb. II, kol. 190.
4) Mnl. Wb. IX, kol. 2854.
5) A. Lasch - C. Borchling, Mittelniederdeutsches Handwörterbuch 1, kol. 388 ûnder *dachwerke.*
6) A New English Dictionary, Vol. X, part II, p. 369 le kol.
7) Mnl. Wb. II, kol. 1987.
8) Mnl. Wb. II, kol. 1988 j° J. Verdam, Middelnederlandsch Handwoordenboek, side 224, 2e kolom.
9) Mnd. Handwb. I, 2, kol. 118.
10) ûntliende foarm, dy't *skredere* al forfongen ha kin. Yn it âldfrysk komt *skredere* allinne foar as muntbifiker, muntforfalsker, hwat net slzze wol dat *skredere* as skroar ûnbikend wie; *wedskred* is it tosnijen fan 'e klean.
11) *glêsker* komt yn it nijfrysk noch foar as glêsmakker to Wommels neffens W. Dykstra, Friesch Woordenboek I, side 460. It Frysk Wurdboek Frysk-Nederlânsk, Bolswert 1956,

jongere nijfoarming is as *glesmaker*. By de biheindens fan it materiael en de ûnfolsleinens fan ynformaesje oer de omstandichheden sille wy alle fjouwer wurden: *gleswrechta, gleswrichter, glesmaker, glesker* op dit pas wol net finer omskriuwe kinne as mei: *glêsmakker, glêssetter, rutesetter,* yn it Dútsk *Glaser.*

M. Oosterhout.

side 143 ûnder *glesker* neamt him `glazenmaker' en ek `glazenier'. Dat lêste (=glêsskilder) sil wol de nijste bitsjuttingsûntjowing werjaen.